

MOASJE

Wurklistpunt: 9. Kultuernota Ut de kûlizen

Underwerp: Ferljochtingsplan monumintale tsjerken

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op 25 novimber 2021

Konstatearjende dat:

- De gemeente Achtkarspelen ± 70 rykmonuminten hat en de gemeente Tytsjerksteradiel ± 160.
- It grutste part fan de monuminten út wenten en pleatsen bestiet.
- Der dêrneist tsjerklike gebouwen en ûnderdielen dêrfan ryksmonumint binne.
- Der noch in kategory oars is mei bygelyks mûnen, klokkestuollen en skuorren.
- Beide gemeenten organisaasjes ha dy't dwaande binne mei de histoarje.

Ropt it Kolleezje op:

- Mei in ferljochtingsplan te kommen yn gearwurking mei de tsjerken om ús net ferljochte monumintale tsjerken LED ferljochte pronkje te litten.
- En de besteande ferljochte tsjerken te stypjen by ferbetterings en/of te stypjen as de oergong nei LED noch plakfine moat.
- Dit plan oan de ried foar te lizzen by de begruttingsried fan 2022.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Lit ús monuminten net allinich by dei pronkje
- Ferljochting draacht by oan it gefoel fan identiteit en grutskens binnen de doarpen/gemeente
- De Nederlandse Stichting voor Verlichtingskunde (NSVV) hat hjir in soad ûnderfining mei
- De tsjerken yn it ljocht kinne in "pilot" wêze foar in grutter monumentaal ferljochtingsplan

Organisaasjes dy't har dwaande hâlde mei de histoarje yn de gemeenten Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel binne:

- Stichting Oud-Achtkarspelen, mei as doel it kweekjen fan belangstelling foar de skiednis fan de gemeente Achtkarspelen
- Stichting Karakteristyk Tytsjerksteradiel, dy't har dwaande hâldt mei it behâld fan karakteristike pannen en it streekeigene
- Stichting Cultureel Erfgoed Trynwâlden, mei as doel behâld fan it kultureel erfgoed fan de Trynwâlden

Net ferljochte tsjerken binne:

- De Mariatsjerke fan Bûtenpost
- De Petrustsjerke fan Twizel
- De Herfoarme tsjerke fan Gerkeskleaster
- De Benedictustsjerke fan Koatstertille

Wol ferljochte tsjerken binne:


- De Augustinustsjerke fan Stynsgea
- De Walburgatsjerke fan Droegeham
- De Doarpstsjerke fan Surhústerfean
- De Antoniustsjerke fan Surhuzum



Surhuzum



Droegeham



Bûtenpost, Twizel, Gerkeskleaster en Koatstertille

FNP-Achtkarspelen,

Hr. T.O. Brinkman